

Examen VMBO-GL en TL

2014

tijdvak 1
vrijdag 23 mei
9.00 - 11.00 uur

Fries CSE GL en TL

Bij dit examen horen een bijlage en een uitwerkbijlage.

Beantwoord alle vragen in de uitwerkbijlage.

Dit examen bestaat uit 44 vragen.

Voor dit examen zijn maximaal 48 punten te behalen.

Voor elk vraagnummer staat hoeveel punten met een goed antwoord behaald kunnen worden.

Tekst 1

- 1p 1 De titel fan in tekst kin de folgjende funksjes hawwe:
1 de lêzer nijsgjirrich meitsje
2 de ynhâld gearfetsje
Hokker funksje(s) hat de titel 'In pûdfol snaffel- en hinnepoatechips'?
- A allinnich funksje 1
B allinnich funksje 2
C funksje 1 en 2
- 1p 2 "Dat hat it bedriuw witten: de oprop fan dit jier hat allinne al yn Nederlân mear as 400.000 ideeën foar in nij smaakje opsmiten." (rigels 4-7)
Wat is it ferbân tusken dizze sin en alinea 2?
- A Yn alinea 2 stiet in bypassend foarbyld.
B Yn alinea 2 stiet in bypassend gefolch.
C Yn alinea 2 stiet in bypassende ferklearring.
- 1p 3 Wat soe de oanlieding foar it skriuwen fan dizze tekst wêze kinne ast nei alinea 3 sjochst?
- 1p 4 Wat is de kearnsin fan alinea 5?
- A "De smaakwedstriid ... holden wurde." (rigels 54-55)
B "De chips ... yn tomatésaus." (rigels 60-62)
C "Dat heart ... in hin..." (rigels 65-68)
D "Oeral wurde ... wrâld ferskillend." (rigels 68-70)
- 1p 5 Boppe hokker alinea past it kopke 'Eardere winners yn Nederlân' it bêste?
- A boppe alinea 2
B boppe alinea 3
C boppe alinea 4
D boppe alinea 5
- 1p 6 Hokker bewearing jout it bêste de kearn fan de tekst wer?
- A Chipsfabrikant Lay's skeakelet klanten yn by it bepalen fan nije chipssmaken.
B Chipssmaken ferskille yn de hiele wrâld bot fan elkoar.
C Der is by de smaakwedstriid fan Lay's in protte jild te fertsjinjen.
D It is foar fabriken ûnmooglik om alle nij-betochte chipssmaakjes te ûntwikkeljen.

- 1p 7 In skriuwer kin by it skriuwen fan in tekst gebrûk meitsje fan de folgjende eleminten:
- 1 feiten
 - 2 de miening fan in oar
 - 3 syn eigen miening
- Wêr makket de skriuwer fan dizze tekst **foaral** gebrûk fan?
- A Hy makket foaral gebrûk fan 1.
 - B Hy makket foaral gebrûk fan 2.
 - C Hy makket foaral gebrûk fan 3.

Tekst 2

- 1p 8 De earste alinea fan in tekst kin ien fan de folgjende funksjes hawwe:
- 1 it beneamen fan in ûndersyksûnderwerp
 - 2 it yntrodusearjen fan ien of meardere belutsenen
 - 3 it jaan fan in gearfetting foarôf
 - 4 it stellen fan in sintrale fraach
- Hokker funksje hat de earste alinea fan dizze tekst?
- A De earste alinea hat funksje 1.
 - B De earste alinea hat funksje 2.
 - C De earste alinea hat funksje 3.
 - D De earste alinea hat funksje 4.
- 1p 9 Hokker ferbân is der tusken de sin “Wy brûke ... net kenne.” (rigels 15-16) en alinea 3?
- A It is in oanfoljend ferbân.
 - B It is in oarsaaklik ferbân.
 - C It is in opsomjend ferbân.
 - D It is in útlizzend ferbân.
- 1p 10 Wat seit de sin “En as ... Hylper flaggen.”? (rigels 46-49) oer Hylper minsken?
- 1p 11 “Letter wolle de freondinnen it Hylpersk oan harren bern trochjaan.” (rigels 51-52)
- Wêrom soenen se dat belangryk fine? Basearje dyn antwurd op alinea 6.
- De ûndersteande ynlieding heart by de fragen 12 en 13.*
- Yn de alinea’s 8 oant en mei 10 jout Gosse Blom syn fyzje op de ûntwikkelingen yn it Hylpersk.
- 2p 12 Neam út dy fyzje **twa** positive punten.
- 1p 13 Neam út dy fyzje **ien** negatyf punt.

- 1p 14 Wat is it ferbân tusken: “Yn Hylpen leit in goede taalbasis,” (rigel 85) en “Alderen prate ... dat is.” (rigels 86-88)?
- A It is in konkludearjend ferbân.
 - B It is in oanfoljend ferbân.
 - C It is in oarsaaklik ferbân.
 - D It is in opsomjend ferbân.
- 1p 15 Alinea 11 begjint mei in fraach.
→ Sitearje ien sin út dyselde alinea dy't dêr in dúdlik antwurd op jout.
- 1p 16 Neist it Hylpersk binne der ek noch twa oare eleminten dy't ta de Hylper kultuer hearre.
Yn hokker alinea wurde dy twa eleminten dúdlik neamd?
- A yn alinea 4
 - B yn alinea 5
 - C yn alinea 6
 - D yn alinea 7
- 1p 17 Wêrom hawwe âlden in wichtige rol by it behâlden fan it Hylpersk?
- A Alden kinne de bern grutbringe yn it Hylpersk.
 - B Alden kinne de skoalle stypje by it oanlearen fan it Hylpersk.
 - C Alden kinne helpe by it meitsjen fan nij lesmateriaal.
- 1p 18 De tekst kinst yn twa parten ferdiele. It earste part bestiet út in fraachpetear mei twa fammen.
Wêr bestiet it twadde part út?
- A feitlike ynformaasje
 - B in tal mieningen
 - C mieningen likegoed as feitlike ynformaasje
- 1p 19 Hoe kin de ynhâld fan de lêste alinea it bêste werjûn wurde?
De lêste alinea befettet
- A in beskriuwing fan in tal mooglike aktiviteiten.
 - B in gearfetting fan de tekst.
 - C in oprop oan de lêzer.
- 1p 20 Gosse Blom is tige aktyf yn de *Stichting tot Behoud van Immaterieel Erfgoed Hindeloopen*.
→ Wat hat Gosse Blom earder al dien foar it Hylpersk?

- 1p 21 In skriuwer kin by it skriuwen fan in tekst gebrûk meitsje fan de folgjende eleminten:
- 1 feiten
 - 2 de eigen miening
 - 3 de miening fan oaren
- Wêr makket de skriuwster fan dizze tekst **foaral** gebrûk fan?
- A Sy makket foaral gebrûk fan 1 en 2.
 - B Sy makket foaral gebrûk fan 1 en 3.
 - C Sy makket foaral gebrûk fan 2 en 3.

Tekst 3

- 1p 22 Hokker útspraak oer alinea 1 is goed?
- A Yn alinea 1 stiet in anekdoate.
 - B Yn alinea 1 stiet in gearfetting.
 - C Yn alinea 1 stiet in konklúzje.
 - D Yn alinea 1 stiet in miening.
- 1p 23 Yn de rigels 8 oant en mei 11 stiet dat de klanten roppich binne.
→ Sitearje de sin dêr't yn stiet hoe't it komt dat se roppich wurden binne.
- 1p 24 Wêr slacht 'dy' (rigel 18) op werom?
- A de sylskoalle
 - B 'fette hap fan Tante Trien'
 - C Trienke van Netten
 - D Trynke Gerritsma
- 1p 25 Sitearje de sin dy't oanjout wêrom't Trienke mei har snackbar begûn is.
- 1p 26 "It is letter allinnich wat út 'e hân rûn." (rigels 43-44)
→ Omskriuw yn maksimaal 20 wurden wat mei dit sitaat bedoeld wurdt.
- 2p 27 Wa wurdt bedoeld mei 'senior' (rigel 50) en wa wurdt bedoeld mei 'junior' (rigel 50)?
- 1p 28 Op hokker wize slút de sin "*Potatoes, chips ... skoan mei.*" (rigels 63-66) oan op de sin "Se praat ... moatst tinke!" (rigels 62-63)?
- A De sin foarmet in tsjinstelling mei de foarige sin.
 - B De sin jout ferdúdlikjende foarbylden fan de foarige sin.
 - C De sin nuansearret de foarige sin.
- 1p 29 "soks is privee." (rigels 73-74)
→ Wat bedoelt Trienke dêrmei?
Brûk maksimaal 20 wurden.

- 1p 30 “It is mar sa’n krûpyntsje” (rigels 82-83)
→ Sitearje it sinpart út alinea 4 dat it wurd ‘krûpyntsje’ omskriuwt.
- 1p 31 Trienke van Netten wurdt yn de titel fan de tekst ‘Snackkeninginne fan De Gaastmar’ neamd.
Hoe is dy titel út de tekst wei te ferklearjen?
A Trienke hat wolris keninklike gasten hân.
B Trienke is fan deselde jierren as de eardere Keninginne Beatrix.
C Trienke is in begryp yn De Gaastmar en fier dêrbûten.
D Trienke wie de earste dy’t yn De Gaastmar in snackbar begûn is.
- 1p 32 Wat foar tekst is ‘Snackkeninginne fan De Gaastmar’?
A It is foaral in ferdivedearjende tekst mei oertsjûgjende eleminten.
B It is foaral in ynformearjende tekst mei ferdivedearjende eleminten.
C It is foaral in oantrunende tekst mei ferdivedearjende eleminten.
D It is foaral in oertsjûgjende tekst mei ynformearjende eleminten.

Tekst 4

- 1p 33 Hokker bewearing past it bêste by alinea 1?
A Yn alinea 1 stiet in aardige anekdoate út it boek *Kening fan Katoaren*.
B Yn alinea 1 stiet in belangrike konklúzje út de tekst ‘Stach yn in slop jaske’.
C Yn alinea 1 stiet in nije ûntwikkeling wat it boek *Kening fan Katoaren* oanbelanget.
D Yn alinea 1 stiet in oprop om it boek *Kening fan Katoaren* te keapjen.
- De ûndersteande ynlieding heart by de fragen 34 en 35.*
Yn de rigels 4 oant en mei 6 stiet dat Stach foar de duvel net bang is en de hearen politisy alle kearen wer te kakken set.
- 1p 34 Ut hokker alinea kinst it bêste ôfliede dat Stach foar de duvel net bang is?
A alinea 2
B alinea 3
C alinea 4
- 1p 35 Op hokker wize besykje de politisy fan har kant om Stach te kakken te setten?
- 1p 36 Hokker ferbân is der tusken alinea 3 en alinea 4?
A in ferlykjend ferbân
B in oarsaaklik/redenjaand ferbân
C in opsomjend ferbân
D in tsjinstellend ferbân

- 2p 37 Yn de alinea's 3 en 4 steane skaaimerken fan de fantasyheld yn it algemien en skaaimerken fan Stach yn it bysûnder.
 → Set yn de ûndersteande seis fakjes hieltyd op it goede plak it wurd 'ja' of 'nee'.

skaaimerke	Jildt foar de fantasyheld yn it algemien	Jildt (ek) foar Stach yn it bysûnder
De held...		
hat in goed karakter.		
kriget troch it oerwinnen fan in soad problemen hieltyd mear oansjen.		
trout úteinlik mei it famke fan syn hert.		

- 2p 38 "de wrâld (hokker fan beide dan ek) út te helpen." (rigels 62-63)
 → Hokker twa wrâlden bedoelt de skriuwer hjir? Helje dyn antwurd út alinea 5.
- 1p 39 "En dan sil sa'n jonge samar efkes..." (rigels 65-66)
 Ut dy opmerking blykt twivel.
 By hokker groep minsken spilet dy twivel neffens alinea 5?
 A by de ynwenners fan Smook en Wapenfjild
 B by hûnderten knappe koppen
 C by lêzers fan it boek
- 1p 40 Wat is de kearnsin fan alinea 6?
 A "Jierren en ... Nederlânsk lêzen." (rigels 67-68)
 B "It wie ... myn jeugd." (rigels 68-69)
 C "Mar hoewol't ... wer oploste." (rigels 70-74)
- 1p 41 Hokker ferbân is der tusken alinea 7 en alinea 8?
 A in foarwaardlik ferbân
 B in konkludearjend ferbân
 C in opsomjend ferbân
 D in tsjinstellend ferbân

Sjoch foar de lêste fragen de folgjende side.

- 1p 42 Hokker oprop stiet yn alinea 9?
In oprop om
- A de Fryske edysje fan *Koning van Katoren* te keapjen.
 - B de oare boeken fan Jan Terlouw ek te lêzen.
 - C it boek *Koning van Katoren* op 'e nij te lêzen.
 - D nei de film *Koning van Katoren* ta te gean.
- 1p 43 Hokker útspraak komt oerien mei Ate Grypstra syn miening oer it boek?
Hy fynt it ferhaal yn it Frysk prima, mar
- A hy fynt it Nederlânske orizjineel better.
 - B it Nederlânske orizjineel lêst folle makliker.
 - C it omkaft wat suterich en slop.
 - D minder spannend as it orizjineel.
- 1p 44 Hokker skriuwdoelen soe Ate Grypstra, njonken ynformearjen, hân hawwe?
- A foaral ferdivedearje en in bytsje oertsjûgje
 - B foaral oantrune en in bytsje ferdivedearje
 - C foaral oantrune en in bytsje oertsjûgje
 - D foaral oertsjûgje en in bytsje oantrune

Bronvermelding

Een opsomming van de in dit examen gebruikte bronnen, zoals teksten en afbeeldingen, is te vinden in het bij dit examen behorende correctievoorschrift, dat na afloop van het examen wordt gepubliceerd.